

[0248] 11. *Uwt Frjuendschip fort ljuecht helle trog A.B.D.T.H. Rjeucht in Sljeucht.* is it ûnderskrift fan it fers *Oan di selve* (1696A) yn de *Pæan votivus seu vota & congratulationes ab amicis & fautoribus effusæ in honorerem præstantissimi & consultiissimi juvenis Hermannii Scherii. qvym [...] juris utriusque doctor publice in templi academici choro renuntiaretur die 6. Februarij. 1696. (Groningæ. 1696)*, in boekje mei lokwinsken by gelegenheit fan de promoasje fan Hermannus Scherius ta Juris Utriusque Doctor. As wy de oare 21 birime lokwinsken yn dy bondel ris neigeane, dan falt ús op it ûnderskrift fan it sawnde fers yn de rige: *H. T. De Baer. A.V.D., H.I.C.D.P.* Fuort op dat hollânske fers fan H.T. de Baer folget ús frysk ferske. De skriuwer dêrfan, dy't him *A.B.D.T.H.* neamt, kin hast net ien oars wêze as dy selde *H.T. de Baer*. Allinne de A. bliuwt yn earsten onforklearre; de oare fjouwer letters binne ienfâldich de initialen fan *H.T. D(e) B(aer)* yn omkearde folchoarder. De A., de earste letter, dy't dus *efter* de namme thús blykt to hearren, soe it berte- of wenplak fan De Baer oantsjutte kinne, of oars sokssahwat as *A(micus)* of *A(dvocatus)*.

Yn it matrikel fan de grinzer universiteit wurdt op 12 sept. 1692 ynskreaun: *Henricus Tiberius de Baer. Frisius Orient., Jur.* Tofoaren hied er yn Frentsjer studearre: yn juny-july 1689 stiet yn it frentsjerter matrikel ynskreaun: *Henricus de Baer* - as it alteast net to dryst is en identifisearje de dragers fan dy

beide nammen -. Op it earste gesicht sitte wy der hwat mei, dat H.T. de Baer him in Eastfries neamt yn it grinzer matrikel. Ek yn ús Fryslân fine wy de namme lykwols wol gauris yn dy tiid. In *Hendrick Henrix z. de Baar fan Weenderen* (= Weener yn Eastfryslân) trout op 12 des. 1635 foar it gerjocht mei *Feickjen Lous dhr.* út Ljouwert ¹⁾. Dat sil wol deselde wêze as de Henrick de Baer dy't op 5 aug. 1642 lidmaet wurdt yn Ljouwert ²⁾ en tusken 1637 en 1676 neamd wurdt as sergeant, faendrich, luitenant en kaptein-luitenant (forstoarn ein 1675) ³⁾. Sa ha der wol mear ofsieren De Baer yn Fryslân west. Foar ús is binammen fan bilang *Cornelius Baar Comijs ende Proviandmeester jnde Dijler Schans*, dy't yn april 1669 trout mei *Helena Comminga* (beiden komme fan Ljouwert) ⁴⁾; op 2 maeije 1673 wurdt er bineamd as luitenant ûnder kaptein Teijens en yn in sitting fan 4 jann. 1678 bislute Deputearre Steaten oer de opfolging fan de forstoarne luitenant Cornelis de Baer ⁵⁾. Ik tink hast, dat it deselde is as de *Cornelis*, dy't op 26 jann. 1648 yn Ljouwert doopt is as soan fan *Hendrick Baardt* (= Hendrick Henrix z. de Baer?), mar dat kin ik net biwize. *Helena Comminga* wurdt op 23 des. 1663) yn Ljouwert lidmaet op bilidenis, en op 13 okt. 1672 komme *Cornelis Baard* en *Helena Komminga* mei attestaesje oer nei Ljouwert ²⁾. By P. Nota ⁶⁾ lêze wy, dat *Ds. Gothofredus Viglius* fan Berltsum op 14 maart 1680 foar de twadde kear trout, mei "Helena Camminga (lês: Comminga), Weduw van Lut. de Paar (lês: Baar)". Op 21 juny 1689, dus yn deselde snorje, dat Henricus de Baer as studint yn it matrikel fan de frentsjerter universiteit ynskreaun wurdt, komt "Helena Commega wdw. van w. D. Wiglius in Leven Predikant tot Berlicum" mei attestaesje út Ljouwert yn Frentsjer ⁷⁾.

It leit yn 'e reden om oan to nammen, dat Henricus Tiberius de Baer in soan west hat fan *Cornelius Baar (of Baard(t) of de Baar)* en *Helena Comminga* (en in bernsbarn fan *Hendrick Henrix z. de Baar*). Yn de ljouwerter doopboeken ha wy tusken 1669 en 1678 wol gjin Henricus (Tiberius) de Baer foun, mar yn Dilerskâns, in fêsting yn Eastfryslân, hat Cornelius Baar, faeks ont yn 1672, „Comijs ende Proviandmeester" west en dêr kin yn it tiidrek 1669-1672 hiel skoan in soan fan Cornelius berne wêze, mei de namme Henricus Tiberius; dêrfandinne dan de tafoeging „Frisius Orient." efter de namme fan de studint Henricus Tiberius de Baer yn it grinzer matrikel. Neffens meidieling fan de doomny fan Stapelmoor binne der út dy tiid gjin tsjerkeboeken fan de Dilerskâns, dy't ûnder de evangelyske gemeente Stapelmoor hearde, biwarre bleaun; it direkte biwiis fan H.T. de Baer syn berte dêr is dus net to leverjen. It slútstik fan ús biwiis fine wy lykwols yn de tsjerkeboeken fan de stêd Grins. Yn de houliksproklamaesjeboeken dêrre fine wy ûnder *Saturni den 26en sept: 1696*

1) Stedsûndertrouboek fan Ljouwert.

2) Kopy ljouwerter lidmateboek op Stedsarchyf yn Ljouwert.

3) Sjoch Resolúsjes Deputearre Steaten 8 febr. 1637, 14 maart 1646, 10 des. 1655, 14 nov. 1657 en 8 jann. 1676; en ljouwerter autorisaesjeboeken 14-15 april 1651 (W3 fol. 43^v-44^r) en 4 okt. 1670 (W5, fol. 85^v).

4) Ljouwerter trouboek (lêste proklamaesje op 25 april 1669).

5) Resolúsjes Deputearre Steaten 2 maeije 1673 en 4 jann. 1678.

6) P. Nota, Tweetal van kerkelyke leerredenen [... 1 benevens een aanhangzel, betreffende de oudheden en voornaamste gebeurtenissen van den dorpe Berlikum. Franeker, 1781. p. 130.

7) Frentsjerter lidmateboek.

as earste houlik: *Henricus Tiberius de Baere Advocaet voor de Hooge Justitie Caemer deser Provincie uit Dijler-Schanse præsent en juffer Anna Maria Coehoren van Uithuisen pro qua Evert Coehoren als Broeder. Copulati per Dn. Trommium den 14 8ber AK (= A-Kerk). Yn de marge stiet: Met belastinge tot Uithuisen. Yn de grinzer doopboeken founen wy op 1 augustus 1697 yn de A-tsjerke de doop fan „Cornelius s.v. Adv. Henr.Tiberius de Baer en Anna Maria Coehoorn bij Akerk”; yn de doopboeken fan Uthuzen founen wy op 3 des. 1699 de doop fan in „Dochtertijn van Henricus Tiberus de Baer. genaemt *Luiwina Geertruit*”, en op 23 jann. 1701 de doop fan in „soontien van de overledene Henricus Tiberius de Baer, *Henricus* genaempt”. De tafoeging „uit Dijler-Schanse” yn de grinzer houliksproklamaesje en de namme “Cornelius” fan de âldste soan jowe ús wissichheit, dat H.T. de Baer tusken 1669 en 1672 yn Dilerskâns berne is as soan fan Cornelius de Baer en Helena Comminga. De tafoeging „Advocaet voor de Hooge Justitie Caemer deser Provincie” forklearret de letterkombinaesje yn it ûnderskrift fan De Baer syn hollânske fers: A.V.D.,H.I.C.D.P. = Advocaet Voor De Hooge Iustitie Caemer Deser Provincie, wylst wy op gron dêrfan foar de A. yn it ûnderskrift fan it fryske fers kieze foar de oplossing *Advoca(e)t(us)*.*

Henricus Tiberius syn âldste soan *Cornelius De Baer* wie foar ús by it ûndersyk in tige nuttige oanwizing; yn it ramt fan ús biwiisfiering binne de gegevens oer him winliken net sa wichtich mear. Dochs wolle wy hjir, tige koart, de ús bikende feiten út de libbensgong fan Cornelius de Baer Jr. neame: doopt yn Grins op 1 aug. 1697, ynskreaun oan de grinzer universiteit as theologysk studint op 1 okt. 1716, ynskreaun oan de frentsjerter akadeemje op 9 nov. 1719, oannommen as lidmaet yn Frentsjer op 13 des. 1720, auteur fan in latynsk fers yn de op 7-5-1722 fordigene dissertaesje fan J. Wolbers ¹), mei attestaesje út Frentsjer nei Uthuzen op 21 july 1722, doomny yn Grinslân: fan 1733 ont 1737 yn Sebaldeburen en fan 1737 ont syn dea yn 1774 yn Rottum. Cornelius de Baer wie trouw mei *Liefke Hillenius* ²). De bern, dy't ik yn de doopboeken fan Sebaldeburen en Rottum fan har foun, hieten: *Cornelius* (1735), *Maria* (1736), *Henricus* (1738), *Louwyna* (1739), *Tiberius* (1741) en *Geertruid* (1745). Cornelius syn soan *Tiberius* hat fan 1764 ont 1770 yn Wytmarsum stien, dêr't er yn 1770 ôfset is ³).

Om ta bislút noch yn it koart gear to fetsjen hwat wy nou fan de libbensrin fan de auteur fan ús frysk ferske: *Henricus Tiberius de Baer* sels, witte: hy is berne tusken 1669 en 1672 yn Dilerskâns as soan fan Cornelius de Baer en Helena Comminga, yn 1672 komme syn heit en mem mei attestaesje nei Ljouwert oer, en yn dy snuorje sil de húshâlding De Baer him dus yn Ljouwert nei wenjen set hawwe. yn 1677 (of hiel miskien yn it alderearste bigjin fan 1678) forstjert syn heit, op 14 maart 1680 trout syn mem mei Ds. Gothofredus Viglius fan Berltsum; op 19 maart 1685 forstjert syn styffaer ⁴); Henricus Tiberius sil

1) Joannes Wolbers, *Dissertatio juridica inauguralis de dolo malo*. Franeqveræ, 1722.

2) Adolf Pathuis, *Nieuwe naamlijst van de predikanten in stad en lande 1594-1944* (systeem op grinzer doomnys op R.A. yn Grins) en H.H. Brucherus, *Gedenkboek van Stad en Lande*. Groningen, 1792.

3) Romein, *Naamlijst*, p. 321.

4) Romein, *Naamlijst*, p. 96.

dus op syn minst fan 1680 ont 1685 yn Berltsum syn thús hawn hawwe; op 21 juny 1689 komt syn mem mei atestaesje út Ljouwert oer nei Frentsjer. Faeks is Henricus Tiberius mei syn mem út Ljouwert kommen, as er him yn juny-july 1689 oan de frentsjerter universiteit ynskriuwe lit; op 12 sept. 1692 wurdt er as juridysk studint ynskreaun oan de grinzer akadeemje; by gelegenheit fan de promoasje fan Hermannus Scherius op 6 febr. 1696 skriuwt er in hollânsk en in frysk fers; sels is er op dat stuit al abbekaet foar de "Hooge Justitie Caemer" fan Grinslân; op 14 oktober 1696 trout er mei Anna Maria van Coehoren fan Uthuzen. Syn âldste soan Cornelius wurdt op 1 augustus 1697 doopt yn Grins. In dochter, Luiwina Geertruit, op 3 des. 1699 yn Uthuzen; Henricus Tiberius de Baer liket yn 1700 forstoarn to wêzen, hwant op 23 jann. 1701 wurdt yn Uthuzen doopt: Henricus, in "soontien van de overledene Henricus Tiberius de Baer".